


# ÚTNOEGING



## "Beppe Boppe"

Leny Dijkstra, Anneke van Baal en Stadsschouwburg De Harmonie noegje jo fan herten út foar  
de première foarstelling op 8 novimber 2002, oanfang 20.30 oere  
yn Theaterstudio De Bres, Skoallestrjitte 4 (achter De Harmonie), Ljouwert.

## List fan lieten

<b>Dance of the blessed spirits</b>	Gluck/Kreisler
<b>De boat nei Amelân</b>	Dijkstra/Scheele
<b>Oppasbeppe</b>	Dijkstra/Scheele
<b>Loebna</b>	Dijkstra/Scheele
<b>De swarte sinne</b>	Dijkstra/Bijlstra
<b>De simmerstoarm</b>	Dijkstra/Bijlstra
<b>Hâld wer fan my</b>	Dijkstra/Scheele
<b>Dêrom bid ik</b>	Dijkstra/Scheele
<b>Leaf suske</b>	Dijkstra/Bijlstra
<b>Arranzjeminten/miksaazje/ spesjale effekten</b>	Addy Scheele
<b>Koar</b>	Harry Zandstra Addy Scheele
<b>Lûdsadvizen</b>	Harry Zwerver

## Makke troch

**Konsept**

Leo Dijkstra, Piter Stellingwerf,  
Jan Eekma, Leny en Anneke

**Teksten**

Leo Dijkstra

**Muzyk**

Addy Scheele en Cees Bijlstra

**Rezjy**

Jan Eekma

**Rezjy advizen**

Piter Stellingwerf

**Toaniel- en Ijochtbyld**

Piter Stellingwerf

**Dekorkonstruksje**

Watze Gras

**Dekorbou**

Johan Spijkerman

**(Oan)klaaiïng ûntwerp/**

Trea Lorist,

**realisaasje**

Els Wijnsma

**Technyk**

Jaco Scheffer,

Maarten Romkes

**Foarmjouwing/Fotografy**

Gerco van Beek

**Printwurk**

Rekladruk



Twa susters fine mekoar nei sawat in heale ieu werom yn ien bêd.  
De bern hawwe har in ‘verwenweekend’ oanbean yn in beautyfarm op Amelân. In kedootsje om’t se geregeld op’e beppesizzers passe.  
Hoe eigen fiele se har noch tegearre yn dat frjemde bêd? Wylst de beautyfarm bedoeld is foar de moaie bûtenkant en om te relaxen, behoffenje beide susters de binnenkant, soms ta de bonke.  
It ‘verwenweekend’ draait út op in sliepeleaze nacht, mar is dochs hiel ferfrissend...

Twa susters fine mekoar werom op it toaniel. Sawat 35 jier ha se neffens eigen programma libbe en no steane se wer yn itselde programma. Yn it teater. Wat kinne dizze artystedochters oars spylje as harsels. Lykwols... eltse oerienkomst mei bekinde persoanen is poer tafallich.

Beppe Boppe is in produksje fan de stichting Plankenkoarts en mei mooglik makke troch stipe fan de Provinsje Fryslân

Mei tank aan de ‘Goadesoannen fan Himmelum’ Jan Eekma en Piter Stellingwerf, de hofleveransiers fan teksten en muzyk Leo Dijkstra, Addy Scheele, Cees Bijlstra, Stadsschouwburg De Harmonie yn Ljouwert foar de gastfrijens en Rekladruk yn Gytsjerk foar de logistike stipe.

## It sil no wêze!

Mefrou van Baal en Mefrou Dykstra binne swier fan plannen en ideeën en se ha der net iens foar nei Italië west.

De konsepsje hat jierren lyn plak fûn en it bern moat der no marris út. "Beppe Boppe" is de namme fan dit artistike produkt, dêr't de froulju 35 jier op wachte ha.

En wat is "Beppe Boppe" wolkom by Anneke en Leny.

Want sjonge en spylje dat wolle se.

Lykas doe tusken de skodoarren mei dy grutte strikken yn it hier en mei heit en mem as entûsjast publyk.

En lykas doe as jonge blommen op dat trepke foar entûsjaste tinten en boppesealen.

No sille jim dat wer wêze.... hoopje se....

Want der is neat feroare.....

Dat kinne jim dochs sels sjen!

En wol yn it kommende téjaterseizoen 2002/2003.

De earste foarstellings sille ein oktober/begjin novimber 2002 plak fine yn Theater 'De Bres' fan Stadsschouwburg De Harmonie yn Ljouwert.

Boekingen en fragen:

Leny Dykstra

Simmerdyk 71

9257 ME Noardburgum

tel. 0511 462059

Produksje:



*"Boppe Boppe"*





Mei heit en mem op Amelân  
Hotel Excelsior, 'alsmaar hoger',  
soasjalistyske idealen onder it reiten tek.  
Is no sloopt, de idealen eh?



Ik sjoch it bern dat noch ânwittend is  
ik sjoch it bern dat sa ânthjittend is  
ik sjoch mysels dy't aanst ferjitten is...  
dêrom bid ik



Sis my wér't dy famkes binne  
dy't sneins al witte ier  
yn sneinske jark, mei strikken yn it hier

suwer hast net wachtsje kinne  
om nei beppe ta



*Ik wist net iens wa'k der mei moast,  
mei dy jongens.. wat wist ik fan sekse*



*Na 30 jaar en 100.000 vol geschreven borden  
is de lerares geschiedenis, geschiedenis geworden...*



Sil' wy tegearre sjonge  
of't wy wer dy famkes bin  
mei dat broerke, wat in bear

Mar hoe eigen suskes binne  
frjemd dat frjemden it fan eigen winne



## Anneke van Baal    Leny Dijkstra

Anneke is yn 1963 lykas Leny begûn by heit Tetman de Vries. Sy spile mei yn trije produksjes en keas nei har stûdzje skiednis foar in ‘oar libben’ yn’e Randstad as lerares, mem en... beppe.

No is sy werom by har ‘roots’ en stiet sy wer mei Leny op’e planken.

**In nij aventoer begjint.**

Leny is yn 1963 lykas Anneke begûn by heit Tetman de Vries. No stiet sy sawat 40 jier op’e fryske planken. Mei mear as 20 eigen ‘frije’ produksjes en sa no en dan in útstapke by û.o. Tryater. Tuskentroc h wurde se mem en... beppe. No, nei 35 jier, stiet se wer tegearre mei Anneke yn itselde programma.

**In âlde winsk komt út.**